



HANTLIEDING

Maitiid yn it lân

© 2016

Ytsen Kooistra
Syb Muizelaar



Kolofon

Hantlieding

Maitiid yn it lân
Meartalige, aktivearjende lessen

Skriuwers

Ytsen Kooistra
Syb Muizelaar

Foarmjouwing

Studio DeeTeePee, Snits

Yllustraasjes

Ytsen Kooistra, Snits

© 2016 Stichting MEARSLACH

Ynhâld

	Foarwurd	4
1	Utgongspunten	5
1.1	Differinsjaasje	5
1.2	It – sawol mûnling as skriftlik - brûken fan mear talen	5
1.3	Yntegraasje fan it oanbod fan natuerorganisaasjes	5
1.4	Fernijing fan it kurrikulum	5
1.5	Romte foar selsstannich wurkjen en eigen ûndersyk	5
2	Fan teory nei de praktyk	6
2.1	It wurkmodel	6
2.2	Taljochting op it model	6
2.2.1	Ynlieding	6
2.2.2	Basisprogramma	6
2.2.3	Keuzeprogramma/Kieze fan de opdrachten	5
2.2.4	Wurkjen oan de opdrachten	7
2.2.5	Ofslúting	7
3	Oan 'e slach	8
3.1	Basisopdrachten	8
3.2	Samenvatting basisopdrachten	8
3.3	Keuze-opdrachten	8
4	Ofslúting	8
	Bylagen:	8
	* Twa lieten oer de Maitiid	8
	* Kaartsjes by 'samenvatting basisopdrachten'	8

Foarwurd

Wa't tsjintwurdich it debat oer ûnderwiis folget komt al gau ta de ûntdekking dat dat bot dominearre wurdt troch toetsskoares, de saneamde Eksellinte learling, pasjend ûnderwiis, opbringst-rjochte ûnderwiis ensfh. ensfh.

Faak giet der folle minder oandacht út nei wat we wolle dat bern leare. En hoe't dat it bêste kin.

Dizze hantlieding jout- neist koarte achtergrûnynformaasje oer de keazen útgongspunten - praktyske oanwizings oer it 'wat en hoe'.

Yn it les/wurkboek wurde trije talen brûkt. Dat is dien om dat wat leard is yn de lessen Nederlânsk, Frysk en Ingels op natuerlike wize ta te pasjen by it wurkjen oan it tema Maitiid yn it lân.

De skriuwers achtsje it fan belang dat – foar't der in start makke wurdt mei it projekt – learkrachten har op 'e hichte stelle fan de ynhâld fan dizze hantlieding.

Foar fragen kin altiten in berop dien wurde op de skriuwers. Fansels binne opmerkingen, oanfolgings en ideeën wolkom!

Ytsen Kooistra
E. y.kooistra@mearslach.nl
Till. 06 – 20430901

Syb Muizelaar
E. s.muizelaar@mearslach.nl
Till. 06 – 16353969

Yn ferbân mei de aktiviteiten bûten it skoallegebou kin kontakt opnommen wurde mei:
Pyke Kroes (IVN-koördinator) E. P.Kroes@ivn.nl .Till. 06 -12859487

1 Útgongspunten

1.1 Differinsjaasje

As gefolch fan allerhande ûntwikkelingen yn de hjoeddeiske maatskippij stiet it yndividu hoe langer hoe mear sintraal. Ek foar it ûnderwiis hat dit gegeven grutte gefolgen.

Yn it earste plak stelt dit hege easken oan de profesjonaliteit fan learkrachten. Dêrneist sil der ek optimale oandacht wêze moatte foar in mear yndividueel lear- en foarmingstrajekt.

Dit jildt benammen foar it Primêr ûnderwiis. Fan alle ûnderwiisfoarmen binne de ferskillen tusken learlingen dêr it grutst. Ferskillen yn:

- ynteresse
- yntellektuele en kreative oanlis
- wurkynstelling en konsintraasje

Yn Maitiid yn it lân is keazen foar fiergeande differinsjaasje. Sawol oangeande de learynhâld as de manier fan (fer)wurkjen.

1.2 It – sawol mûnling as skriftlik - brûken fan mear talen

Foar de meartalige Provinsje Fryslân giet it benammen om: Nederlânsk, Frysk en Ingels.

1.3 Yntegraasje fan it oanbod fan natuerorganisaasjes

Benammen learlinggroepen út de boppebou fan it basisûnderwiis binne in belangrike 'doelgroep' foar alle soarten fan bedriuwen en organisaasjes. Faak docht bliken dat it oanbeane materiaal net/te min oanslút by de winsken út it ûnderwiis wei.

Troch it 'ynflechtsjen' fan in tal bûtenopdrachten – *de opdrachten 8,9 en 10 út it keuzeprogramma* - kin der in positive wikselwurking ûntstien tusken ûnderwiis en natuerbeskermingsorganisaasjes.

1.4 Fernijing fan it kurrikulum

Oant no ta binne it benammen de grutte útjouwerijen dy't ynfolling jouwe oan de frij globaal formulearre kearn- en leardoelen. Lykwols: der sit feroaring yn 'e loft.

It 'Bestuursakkoord Primair Onderwijs'(juli 2014) sprekt op dit punt heldere taal : 'We moeten komen tot vraagsturing in een markt die tot dusver aanbodgestuurd is door de aanbieders (doeld wurdt op: de educatieve uitgeverijen) van leermiddelen'.

Boppedat: Het curriculum moet ontwikkeld worden vanuit de *lokale* situatie. (Advies in rapport 2014 van de Nationale Onderwijsraad).

1.5 Romte foar selsstannich wurkjen en eigen ûndersyk

Yn ferbân mei de eask dat learlingen beskikke moatte oer 21e ieuske feardichheden- *selektarje en beoardielje, probleemoplossendfermogen ûntwikkelje, kritysk tinke, kreativiteit en sosjale kompetinsjes*- moat de lesynehâld sa konstrueard wurde dat lealings- elk op harren nivo - útdage wurde selsstannich oan 'e slach te gean.

It leit foar de hân dat dêrby optimaal gebrûk makke wurdt fan digitale learmiddels.

Fan grut belang is dat ICT 'ynbêde' wurdt yn it kurrikulum.


2 Fan teory nei praktyk

2.1 Wurkmodel

Yn Maitiid yn it lân wurdt gebrûk makke fan ûndersteande format.

De fleksibiliteit fan dit pedagogysk-didaktysk konsept biedt nammentlik optimale kânsen om de ûnder 1.1. o/m 1.5 neamde útgongspunten ta harren rjocht komme te litten.

2.2 Taljochting op it model



2.2.1 Ynlieding

Yn 't koart wurdt útlein wat *Maitiid yn it lân* ynhâldt.

2.2.2 Basisprogramma

Dit ûnderdiel is foar *alle* learlingen itselde. It is winsklik dat de ferwurking klassikaal dien wurdt.

It ûnderdiel 'Samenvatting basisopdrachten' is bedoeld as in *mienskiplike* ôfslúting fan it earste part fan it tema.

2.2.3 Keuzeprogramma en it kiezen fan opdrachten

N.B. Dit ûnderdiel freget spesjale oandacht!

Utlein moat wurde, dat de learlingen oan'e slach kinne mei in fariëarde searje opdrachten:

- ferdjipjend, ferbreedzjend, 'gewoan', dreech, kreatyf
- binnen- en bûtenopdrachten
- Der binne opdrachten yn it Nederlânsk, Frysk en Ingels

Dit ûnderdiel komt it bêste ta syn rjocht as alle 13 opdrachten even besjoen en – koart – besprutsen wurde.

De learlingen krije sa in earste yndruk fan it 'karakter' fan de ferskillende opdrachten.

Der kinne ek al ôfspraken makke wurde oer it minimaal oantal te meitsjen opdrachten. Uteraard hat dat te krijen mei de beskikbere tiid dat der oan de opdrachten wurke wurde kin.

Faaks is dit it goede momint om op bls. 16 de nûmers fan de opdrachten op te skriuwen dy't de learlingen meitsje wolle/moatte. Fansels kinne der ek (frijwillige/ferplichte) groepen foarme wurde, dy't meielkoar ta in beslút komme oangeande de te kiezen opdrachten en it ferfolchtrajekt 'wurkjen oan opdrachten'.

Opmerking: De erfaring leart dat – benammen troch de ICT-opdrachten - learlingen ek thús oan'e slach geane!

2.2.4 Wurkjen oan de opdrachten

De opdrachten binne ferskillend. Sawol nei ynhâld, nivo en manier fan (fer)wurkjen. Learlingen kinne yndividueel oan in opdracht wurkje. Mar wurkjen yn twa-, trije – of meartallen stimuleart faak de animo.

De folgjende opmerkingen oangeande de opdrachten 8, 9 en 10:

1 Mei de hiele groep ôfspraken meitsje oer planning, datum, organisaasje ensfh.

2 Y.f.m. de tiid - of pleatselike mooglikheden - kin keazen wurde foar ien fan de trije opdrachten.

2.2.5 Ôfslúting

Maitiid yn it lân wurdt op in kreative manier *mienskiplik* ôfslúten.

3 Oan 'e slach

Yn dit part wurde de ferskillende ûnderdielen en opdrachten ien foar ien besprutsen.

3.1 Basisopdrachten

3.1.1 Start

- De ynljedende tekst wurdt troch in learling- eventueel de juf/meester – foarlêzen.
- Dan wurdt de film *'Lit se net fleane'* mei Syb van der Ploeg yn 'e haadrol fertoand. N.B. De film (sawol Fryske as Nederlânks taal) is te finen op www.bfw.nl
- It meitsjen fan opdracht 1.1. is in kwestje fan goed skriuwen.

3.1.2 Habitat en voedsel

- It wurdt habitat freget faaks om wat mear útlis.
- De herheljende opdracht 2.1 sil foar de measte learlingen makkelijk te meitsjen wêze.
- De opdrachten 2.2. en 2.3 foarmje ien gehiel.
- Task 2.4 komt it bêste ta syn rjocht troch in *klassikale* oanpak.
- Opdracht 2.5 is geskikt foar it wurkjen yn groepen. Dêrnei mei de hiele groep beprate hoe't de ferskillende groepen oerlein hawwe en wat se ynfold hawwe.

3.1.3 Weidevogels: hun nesten, eieren en kuikens

- Opdrachten 3.1, 3.2 en 3.3 : Selde oanpak as hjirboppe. Dus earst yn groepen, dan klassikale ôfslúting.

3.1.4 Eten en gegeten worden

- Dizze opdracht kin op ferskillende manieren ferwurke wurde:
 - 'Lit se net fleane' mei de hiele groep noch in kear besjen. Dan de opdrachten 4.2 en 4.3 meitsje en besprekke.
 - Yn groepen. Dy besjogge de film fia kompjouter of eigen iphone. Dan yn de lytse groep de opdrachten 4.2. en 4.3 meitsje. Klassikale ôfslúting.
 - De opdracht wurdt thús – yn oerlis mei húsgenoaten - makke. De oare deis klassikaal beprate hoe't it gien is, wat thús bepraat is ensfh.

3.1.5 Plas/dras: in oplossing

- De ynljedende tekst wurdt troch in learling foarlêzen. Dan in klassepjetear. Meielkoar opdracht 5.1 meitsje.
- De tekst yn it Frysk en Task 5.3 yn it Ingelsk op bls. 13 binne bedoeld as ynljeding op keuzeopdrachten 8 en 9. Y.f.m. de planning fan in ekskurzje kinne dy no al ekstra oandacht krije. De ferwurking fan 5.4 kin op deselde wize as hjirboppe 3.1.4 *Eten en gegeten worden*.

3.2 Samenvatting basisopdrachten

Opdracht 1 jout de learlingen de romte foar in eigen ferhaal.

Opdracht 2 is in taal oefening en tagelyk in mienskiplike aktiviteit as ôfslúting fan it earste part fan it tema.

De as bylage by dizze hantlieding levere kaartsjes moatte fermannichfâldige wurde op stevich papier en dêrnei fersnijd wurde.

3.3 Keuze-opdrachten

Foar't der begûn wurdt mei dit ûnderdiel: Sjoch ûnder 2.2.3: Kieze fan opdrachten!

Fansels kinne learlingen oantrune wurde om in bepaalde opdracht wol/ net te meitsjen!

Opmerkingen by de opdrachten:

3.3.1 Meer over de kievit

It earste stikje yn dizze opdracht is in oefening yn Frysk lêzen. De opdrachten 1 en 2 sprekke foar harsels.

3.3.2 De kievit en de scholekster in hun eigen leefgebied

Dizze opdracht sil de oandacht lûke fan de kreatyf ynstelde learlingen.

3.3.3 Weidevogels en hun nesten

Dizze herheljende opdracht is geskikt foar dy learlingen dy't it basisprogramma net sa goed makke hawwe.

3.3.4 Ken je deze vogels?

In pittige útdaagjende opdracht! Der moat gebrûk makke wurde fan it boek 'Fûgels' en/of de fergees te downloaden app 'Fauna fan Fryslân'.

3.3.5 Help, ik bin myn snavel kwyt

Dizze net sa drege opdracht sil wol keazen wurde troch in protte learlingen.

3.3.6 Dyn ferhaal oer de ljip

In opdracht foar de echte greidefûgelkenners.

3.3.7 Meadow birds: what is in a name?

In pittige trijetalige opdracht. Geskikt foar de learlingen dy't wat djipper grave wolle.

3.3.8 Weidevogels beschermen

N.B. Ofspraak meitsje:

It kontakt moat sintraal - troch de learkracht / in learling - regele wurde.

3.3.9 Weidevogelboerderijen: een nieuwe aanpak

Dizze opdracht bestiet út ferskillende ûnderdielen. Ek hjir: it kontakt (opdracht 2) sintraal regelje!

3.3.10 Nei in plas/dras gebiet

Foar dizze opdracht: deselde strategy as by de opdrachten 8 en 9.

3.3.11 Hoe kunnen vogels vliegen?

Dizze pittige opdracht is in útdaging foar de learling dy't wat mear oankin. Of alles echt *goed* begrepen is moat bliken dwaan út de te hâlden sprekbeurt.

3.3.12 Verborgen boodschap

In herheljende opdracht yn de foarm fan in puzel. Nei it leuke puzeljen yn opdracht 1 moat der ek noch hurd wurke wurde oan de opdrachten 2 en 3.

3.3.13 Puzelje mei greidefûgels

In útdaging: in puzel hielendal yn it Frysk.

4 Ofsluting

Nei it *meielkoar* wurkjen oan it basisprogramma en it mear yndividueel en yn lytse groepen wurkjen oan it keuzeprogramma folget de mienskiplike ôfsluting.

In oersicht fan ANTWARDEN kin oanfrege wurde fia kontakt.